



- III Tha for thi koning Redbad uta lande ande thi koning Karle wolde thingia. [*Doe ferliet kening Redbad it lân en woe kening Karel rjochtdei hâlde*] Tha santere boda in tha sawen Seland and het thet hia him wonnen ene fri sto, ther hi uppa thingia machte. [*Doe stjoerde er boaden nei de sân Seelannen en hjitte harren foar him in gaadlik plak te finen, dêr't er rjochtdei hâlde koe*] Tha kapeden se Deldamanes. [*Doe kochten se Deldamanes*]
- IV Thet thingadere uppa and lathade tha Fresan tofara him and het thet se riucht keren, also hiat halda wolden. [*Dêr hold er rjochtdei en liet de Friezen foar him liede en hjitte harren te kiezen mei hoe't hja berjochte wurde woene*] Tha komen se and keren foresprekan, tolif fan tha sawen Selandum. [*Doe kamen se en keazen liederes, tolve út de sân Seelannen*] Tha sprek thi koning: 'Nu lidze ik jo tofara thre keran: hoder jo lavera se: thet ma jo alle huadie, than jo alle ain wirden, than ma jo en skip jowe also fest and also sterk, ther anne ebbe ande anne flod mei withstan and thet sunder aller rother and rema and towe.' [*Doe sei de kening: 'No lis ik jim trije mooglikheden foar om út te kiezen: wat is jim leaver: dat men jim allegear deaslacht, of dat jim allegear liifseigene wurde, of dat men jim in skip jout krekt stevich en sterk genôch om ien kear eb en floed te wjerstean en hielendal sûnder roer, riemen of touwen.'*]
- V Tha keren hia thet skip, ende folen ut mitha ebbe also fir thet se nen aland ne muchten sian. [*Doe keazen hja it skip, en foeren út mei eb krekt sa fier dat se gjin lân mear sjen koene*] Tha was him lethe to mode. [*Doe ûntsonk harren de moed*]
- VI Tha sprek thi forma asega: 'Ik habbe herd thet us Hera God, tha hi an erthrike was, tolif jungeran hede and hi selva threttundista were and hi to himmen kome al bi sletene dorum and traste se and lerde se. Hu ne bidda wi naut thet hi us anne threttundista sende, ther us riocht lere and ti lande wise?' [*Doe sei de wichtichste fan harren liederes: 'Ik ha heard dat ús Heare God, doe't hy op ierde wie, tolve jongemannen by him hie en dat hy sels de trettjinde wie en by harren kommen wie troch sletten doarren en harren treaste en learde. Wêrom bidde wy net dat hy ús in trettjinde stjoert, dy't ús it rjocht leart en de wei nei it lân wüist?'*]
- VII Tha folen hia alle an hare kne and beden inlike. [*Doe foelen hja allegear op 'e knibbels en bidden ynmoedich*] Tha se tha bedinge heden eden, tha segen hia anne threttundista an thêre stiorne sitta and ene goldene axe up siner axla, thet hi mithe to lande weter sturde with stram and with wind. [*Doe't se har gebeden dien hiene, doe seagen hja in trettjinde oan it stjoer sitten mei in goudene bile oer it skouder, dêr't er mei nei it lân stjoerde tsjin de stream en de wyn yn*]
- VIII Tha se to lande komen, tha warp hi mith there axe up thet land and warp ene ture up. [*Doe't se oan lân kamen, doe sloech hy de bile op it lân en makke in seadde los*] Tha untsprang ther en burna. [*Doe ûntsprong dêr in boarne*] And et Eswei komen hia to land and seten umbe tha burna. [*En by Eswei kamen hja oan lân en sieten om de boarne hinne*] And hot so him thi threttundista lerde, thet nomen hia to riuchte. [*En wat de trettjinde harren learde, dat namen hja oan as rjocht*]
- IX Thach ne wistet nemma under tha fulka, hot thi threttundista were ther to him komen was, also lik was he allerekum. [*Dochs wist nimmen ûnder it folk wa't de trettjinde wie dy't ta harren kommen wie, om't er sa bot like op elkenien*] Tha hi him thet riucht wisid hede, tha weren ther mer tolif. [*Doe't hy harren it rjocht wiisd hie, doe wiene der noch mar tolve*]
- X Alderumbe skelen in tha lande threttene asegan wesa. [*Dêrom sille der yn it lân trettjin liederes wêze*] And hwerso hia an twa sprekath, so agen tha sawen tha sex in ti haliane. [*En wannear't hja it net iens binne, dan moatte de sân de seis oerhelje (d.w.s: dan wurdt der beslist by mearderheid fan stimmen)*] Aldus ist landriucht alra Fresena. [*Sa is it lân rjocht fan alle Friezen*]